



bijlage

Kamervragen over het bericht 'Gedetineerde uit De Westereen mocht niet in het Fries met beppe bellen'

Bijlage nummer	1
Horend bij	Kamerbrief beantwoording Kamervragen met kenmerk 2024Z16979
Datum	6 december 2024
Onze referentie	2024-0000912135
Contactpersoon	

2024Z16979 (ynstjoerd 25 oktober 2024)

Fragen fan de leden Paternotte en Sneller (beiden D66) oan de minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes en de steatssekretaris fan Justysje en Feiligens oer it berjocht "Detinearde út De Westereen mocht net yn it Frysk mei beppe belje".

1. Binne jo bekend mei it berjocht dat in detinearde fan De Westereen net yn it Frysk mei syn demintearjende Fryske beppe belje mocht?

Antwurd fraach 1

Ja.

2. Diele jo de miening dat Friezen Frysk prate meie?

Antwurd fraach 2

Ja, ik diel jo miening dat Friezen Frysk prate meie. Taal is in wichtich ûnderdiel fan de kultuer en de identiteit, en elkenien hat de frijheid om de taal fan syn of har kar te brûken. Yn Fryslân is it Frysk, njonken it Nederlânsk, ek erkend as offisjele taal.¹

3. Diele jo de miening dat in detinearde net bestraft wurde mei foar it praten fan de Fryske taal?

4. Hoe beoardielje jo it feit dat in oarstalige detinearde wierskynlik wol syn eigen taal praten mocht hie, mar in Frysktalige detinearde dat net mocht omdat de penitinsjêre ynrjochting yn Arnhem net ree wie om in tolk yn te hieren foar de monitoaring?

¹ Fia de Wet Gebrûk Fryske taal en kêst III fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden.

5. Diele jo de miening dat de taalrjochten fan Fryske detinearden dy't har in rykstaal sprekke net minder wêze meie as de taalrjochten fan Nederlânske detinearden dy't in rykstaal sprekke?

Antwurd op fragen 3, 4 en 5

Ik gean net yn op yndividuele gefallen. Yn begjinsel stiet it in detinearde frij om mei syn of har kontakten in taal nei kar te praten. Hoewol't ik erken dat in frije taalkar wichtich is, kin it brûken fan oare talen as it Nederlânsk yn detinsje beheind wurde.

Sa kinne bepaalde detinearden fanwegen feiligensredenen, lykas bygelyks yn de Ekstra Befeilige Ynrjochting en op de Ofdieling Ytinsyf Tafersjoch, ûnder yntinsyf tafersjoch stean. Dit tafersjoch kin bestean út it monitoarjen fan telefoanyske kontakten. Foar dit tafersjoch kin it needsaaklik wêze dat as betingst steld wurdt dat de Nederlânske taal praat wurdt. As oantoand wurdt dat troch in detinearde of syn/har kontakt op gjin inkelde wize yn de Nederlânske taal kommunisearre wurde kin, kin tastimming jûn wurde yn in oare taal te kommunisearjen. Yn dat gefal sil in tolk ynhierd wurde om te foarsjen yn it nedige tafersjoch. De rjochter yn berop hat resintlik oardiele dat, ûnder mear sjoen it nedige tafersjoch en it net beskikber wêzen fan in tolk Frysk, it net ûnreedlik of ûnbillik is om dy tastimming te wegerjen yn it gefal in detinearde de Nederlânske taal ek machtich is.²

Yn syn algemienheid kin noch opmurken wurde dat wannear't in detinearde him net hâldt oan de ôfspraak dat yn it Nederlânsk kommunisearre wurde moat, it sa wêze kin dat monitoaring net mooglik is en dêrmei in feiligensrisiko ûntstiet. De direkteur fan in penitinsjêre ynrjochting kin dan twongen wêze om maatregels te treffen.

6. Binne jo ree om de fragen sawol yn it Frysk as yn it Nederlânsk te beäntwurdzjen?

Antwurd fraach 6

Ja.

² Utspraak fan de Ried foar de Strafrjochttapassing en Jeugdbeskerming fan 1 augustus 2024, 23/38160/GA en 23/38229/GA.